

In boarre is ek mar in minske

20 27/2 2002

„Wat ús Piter no wer belibbe hat en dan dy kat fan him, dat is hielendal in ferhaal apart! Minske, wat in apart ferhaal, jo soene der wol in boek oer skriuwe kinne.” Dat hat Itty Sluis dus dien en dat is it Boekewikegeskink fan fan it jier wurden.

TSJERK VEENSTRA

Sa'n presintsje is in hiel o heden, sa hawwe wy ferline wike woansdei op dit plak lêze kinnen: It Fryske Boek freget in skriuwer fan al of gjin kwizewânsje om dat presintsje te skriuwen. Dy moat dan binnen in bepaalde termyn in ferhaal skriuwe fan likernôch 80 siden. Dat moat foar in breed publyk te konsumearjen wêze en ek literêr wat foarstelle, want jo komme der as auteur wol mei foar de kreammen lâns. Itselde sawat as ûnder hege ferwachtings en mei de kamera's op 'e hakken de tsien kilometer ride: gladioalen of wite leeljes.

It is sympatyk fan It Fryske Boek om ek ris in minder bekende skriuwer mei 'de opdracht' te ferearjen, mar it hâldt tagelyk it grutte risiko yn dat it projekt mislearret. Dat it net wurdt wat elkenien hopet of ferwachtet. Dat is mei *It meunster fan Skylge* it gefal: Itty Sluis kin hiele moaie byldzjende ferhalen skriuwe mei in grut ynlibbingsfermogen yn de 'siele' fan bisten, mar boarre Youpe en minske Piter komme beide net út de biste- en minskeferve yn dit ferhaal. Boppedat hawwe se mar in hiel lyts bytsje mei elkoar te krijen, wylst se tegearre wol de heale wrâld bereizgje.

Der wurdt hiel wat omsleapt mei katebakken en kattefoer en mei de wylde boarre, dy't fongen is op Skylge, troch Piter dy't fysioterapeut wurdt. Se binne yn Nederlân, Dútslân en Amearika, mar se krije winliken neat tegearre. Dat kin


fansels ek net, want in kat hechtet him net oan minsken, mar oarsom komt in soad foar. Dochs sjogge of hearre wy net fan Piter wat dy kat foar him betsjut of watfoar ynfloed oft dy op syn hâlden en dragen hat. It tegearre bringen fan dy twa hat yn it ferhaal dus gjin doel.

Dêr komt by dat it Piter-ferhaal hielendal net ynteressant is: it mei dan faaks beare as in boekeferhaal, dêrtroch wurdt it dat noch net. De skriuwer hat it sa plat opskreaun dat der neat oan te belibjen is: de dialogen mei mem en freon en faam binne fan in seldsume houterichheid en geane oer sokke triviale saken as it beteljen fan hier, it ynpakken fan de ynboedel en it organisearjen fan katte-oppas.

Dat kin noch wol nijsgjirrich om te lêzen wêze, mar dan moat der wol wat ûnder lizze: humor of sarkasme of hjirre bygelyks in laach dy't spegelet mei it kattebestean, mar ik koe dy net ûntdekke.

It ferhaal fan de boarre dy't alinne achterbliuwt as de mem deasketten wurdt en dy't de wrâld ferkernt op syn eigen kattewize is folle nijsgjirriger en yn earsten boeiend beskreaun. Hy wurdt fongen en fan Skylge oerbrocht nei it asyl yn Snits dêr't er lobbe wurdt: „It kostet de boarre in pear dagen om te begripen wat der no wier bard is. Ut en troch slikket er de wûne skjin en fielt in frjemde pine troch de rêchbonke geane, syn búk is o sa gefoelich. Alle dagen binne gelyk, farsk drinkwetter, nije brokjes. Om de brokjes sit in rook dy't er earne oars fan ken, mar de smaak hat nearne fan. Ferneukerij? En dan dy bak mei kerlen. Wat moat er mei dy kerlbak.” Dat is moai en trefseker opskreaun en soks freget om mear: der komt genôch oer it deistich bestean fan in kat dêr't de lêzer it idee fan hat: ja, sa soe in kat dat belibje en ûnderfine kinne, dêr kin ik ynkomme.

Jo hoege dêrby ek net sa krekt te sjen, want in auteur hat it frij him dêryn út te libjen; hy hoecht allinne mar te soargjen dat wy as lêzers meigean wolle. Ik wol ek in hiel ein meigean yn de filosofyen fan boarre



It meunster fan Skylge
Itty Sluis

Youpe (nei Youp van 't Hek). Hoe-faak soene minsken net frege hawwe: 'Wat soe der no yn dat bist omgean?' Lês mar mei: „De minsken meitsje harsels in wrâld. In man, in frou komme en geane op it ritme fan ljocht en tsjuster. Harren wrâld is net syn wrâld, want dêr sit de bûtendoar tusken. (-) En dochs, hy wit dat der mear is, hy wol him net delizze by tichte doarren. De grutte fraach bliuwt: hoe moat er dêr komme?”

Moai, of net? „Youpe mjit de ôfstân tusken de izeren balkonrâne en de earste tûke. Te fier. Der sit tefolle wyt tusken en wyt kin je net stjoere.” (En as Piter in blikje fleis iepenmakket) „Hy rûkt de rook dy't minsken wiismakket oer kwaliteit. Ofhinklik, hy is ôfhinklik fan de minsken en fan manipulearre biste-ôffal.”

Filosofysk

Dat wyt mei hinnebrue, mar dy kwaliteit en dat manipulearre foer dy geane my te fier. Dêr gean ik net yn mei, dêr leau ik net yn as lêzer. Dat komt yn it Youpe-ferhaal faker foar, mar net sa faak dat it steurend

is. Wol steurend is dat in oantal frasen hieltyd wer werhelle wurdt, bygelyks oer 'it wyt', sûnder dat it in plak krijt yn de ûntjouwing fan de psychology fan de kat. Ek in boarre mei him ûntwikkelje, alteast yn in ferhaal en dat is hast in betingst foar in goed ferhaal.

Likegoed steane der hiele moaie stikken katte-ferhaal yn en soms wurdt ús held suver filosofysk: „Fêst sitte, fêst bliuwe. Is dat syn lot? - Akseptaasje is in keunst. - Lok, sa kinne wy dat neame. Mar lok is gefaarlik - Moat de kat it riedsel fan ienfâld útlizze?” It bringt jin it moaiste fan Anton Koolhaas yn 't sin.

Al foldocht my it boarre-ferhaal dus better as it Piter-ferhaal, it gehiel koe my amper boeie en alhiel net oertsjûge. Yn har oanstriid om 'it moai te sizzen' wol de skriuwer noch wolris op 'e rin gean: „de betonblokken omwuolje it wetterferve plaatsje fan beammen en wolken”, „en sjocht mei waarme bewûndering del op de nofteren werklikheid”, „de woastyn wie oan wjerskanten de dyk oanwêzich” en sa mear.

It hie moai west as in betûfte tekstbesoarger efkes oer de tekst gear west hie, dan kinne sokke boeken al foar publikaasje sketten wurde. It is spitch fêst stelle te moatten dat Itty Sluis har oan dit projekt fertild hat en it hie better west en briedt noch wat om op in op himsels goed idee. Grif hie der dan útkommen dat it Piter-ferhaal mar yn famyljerûnte bliuwe moatten hie en dat it Youpe-ferhaal in folsleiner kommentaar op it hâlden en dragen fan minsken lykas Piter wurden wie.

Mar ja, it presintsje moat op 'e tiid ynpakt en in krigen boarre -moatte jo net yn 'e bek sjen. It lot fan de boekbesprekker is dat er dat útsoarte wol dwaan moat.

It meunster fan Skylge. Itty Sluis. Utjouwerij Fryslân, Ljouwert. Fergees by oankeap fan in Fryske útjefte fan op syn minst njoggen euro yn de Fryske boekewike (oant en mei 2 maart)